

## In korreksje op de kanon<sup>1</sup> Libben en poëzij fan Marten Hepkes Bakker (1848-1927)

Abe de Vries

### Summary

*This article addresses the process of canon formation in Frisian literature. Around 1915, a new kind of Frisian literature came to the fore with the rise of the Young Frisian Movement. One of the authors who fell out of the new canon was Marten Hepkes Bakker (1848-1927), a baker and industrial worker who published poetry and prose in literary magazines and newspapers over a period of fifty years. After charting an elementary biography of Bakker, about whom very little is known, his poetry – which was never anthologized in the 20th nor in our own century – is presented as a radicalization of the 19th-century Frisian realism of Waling Dykstra and Tsjibbe Gearts van der Meulen, sharing its secondary orality, strong social ties, anti-dogmatic world view en democratising tendencies. The modernist erasure of Bakker from the canon was part of a re-definition of Frisian culture, in which ‘folk literature’ with its everyday themes was downgraded in favour of a printed literature, based more firmly on organized Frisian cultural nationalism and exclusive definitions of art. Once this ‘frame’ is recognized and accounted for, a historicist literary reading of Bakker is possible, which reveals fluent, strong and melodious language in a rural- and nature-oriented poetry, at the same time personal and wanting to influence society, while creating bleak and cinematic images of modern life at the beginning of the 20th century. As such, Bakker’s poetry most likely has been of some influence on the writings of the Young Frisians Douwe Kiestra and Rintsje Piter Sybesma.*

1

Literatuerkronikeur Geart Aeilco Wumkes wol neat oars oer him kwyt as dat er ien fan de ‘meiwurkers en meistridders’ fan Waling Dykstra wie.<sup>2</sup> Literêr liedsman Douwe Kalma hat him út de twa mânske dielen fan syn literêre skiednis hielendal weilitten.<sup>3</sup> De fierder sawat elkenien nea-

1 Dit artikel is in ynkoarte en annotarre fersy fan myn ynlieding yn: M.H. Bakker, *Dan krije ek de fûgels dien. Gedichten*. Gearstalling en ynlieding A. de Vries (Utgjouwerij Grotesk, Amsterdam 2016).

2 G.A. Wumkes, *Bodders yn de Fryske striid* (A.J. Osinga, Boalsert 1926) s. 369, 387.

3 D. Kalma, *De Fryske skriftekennisse fen 1876-1897*. 2 Dln. (Kamminga, Dokkum 1928-1931).

mende literatuerkritikus Jan Piebenga<sup>4</sup> lit him ek wei, lykas alle lettere hânboeken en ek alle my bekende blomlêzingen. Dat, eins hat Marten Hepkes Bakker (1848-1927) as dichter noait bestien. It hat der in soad fan wei dat syn wurk én namme suvere binne út de Fryske skriftekennisse wei doe't '15' him oantsjinne mei literêre mytefoarming en Fryske yn-de-folken-opstjitterij. Yn de wurden fan Douwe Kalma:

Weardeleas waard alle skriuwerij foar fermeits en tiidferdriuw; allinne datjinge koe besielje en sterkje, dêr't earnst, gruttens, skientme, yn tsjûge. Fan it begjin ôf waard de suvering fan de Fryske skriftekennisse, needsaaklik om romte te meitsjen foar nije bloei, steld as ien fan de easken fan in algemien Frysk program. En dizze suvering wie, lyk as alle suvering, oars net troch te fieren as lâns de wei fan it sterk-persoanlike.<sup>5</sup>

De betsjutting fan de earste fiifentweintich jier fan de tweintichste iuw yn de Fryske literatuer wie neffens Kalma dan ek 'de ûntjouwing fan folksrieme skriuwerij ta taalkeunst'.<sup>6</sup> Fan dy minderwaardige folksrieme skriuwerij wie 'M.H.B.' – sa't Marten Bakker syn publikaasjes yn tydskriften gauris ûnderskreau – blykber wol it aldermiserabelste spesimen. Want de kanonisearring hat krekt him mei hûd en hier weimakke. Wylst party saneamde 'folksskriuwers' teminsten noch wol in bondeltsje út-bringe mochten, in skouderklopke krigen om harren rol yn de taalstriid, of in aaike oer de bol foar in pear memorabele gedichten,<sup>7</sup> mocht Marten Bakker dy taalkeunstige kleminsje net barre. In literatuerhistoarikus kin dan freegje: hoe koe dat sa?

Dy't syn likernôch twahûndert fersen trochnimt, lêst gjin 'skriuwerij foar fermeits en tiidferdriuw'.<sup>8</sup> It giet ek net om in rânefiguer, inkeld

4 J. Piebenga, *Koarte skiednis fan de Fryske skriftekennisse* (1938; 2e pr. Laverman, Drachten 1957).

5 Kalma, *Skriftekennisse*. Dl. 1: Oersjoch en karlêzing (Kamminga, Dokkum 1928-1931) s. 4.

6 Ibid. K. Fokkema, 'Friese kroniek 1928 en '29', *Opwaartsche wegen* 8 (1930-31) s. 284, draait it leaver om en sprekt fan sels-opsluting ynstee fan útsluting yn de Fryske literatuer om 1900 hinne: '(...) de volksschrijvers sluiten zich geheel op in 't volksfries en daardoor werden de meer kunstzinnigen en intellektuelen afgestoten (...)'

7 Sjoch Piebenga, *Koarte skiednis*, s. 135-183 foar foarbylden.

8 Fan Bakker is gjin folslein publikaasje-oersjoch beskikber. Syn fersen en proazastikken binne wol yn hânskrift sammele troch de auteur sels. Katalogus Tresoar, Marten Hepkes Bakker, Handschriften, 2 dln. Sinjatuer Hs102. Besteande út in doas skriften mei fersen en in doas skriften mei proaza. Geskink fan H. Bakker te Huzum. By de titels fan de yn dit artikel neamde fersen wurdt safolle mooglik medium en publikaasjedatum oanjûn; dêr't dat net it gefal is, ferwiis ik nei myn blomlêzing.

bekend by in pear literatuersneupers. Hy wie yn syn tiid ien fan de meast lêzen Fryske dichters. Net inkeld ferskynde syn wurk yn de wenstige periodiken, fan de jierboekjes *De Bijekoer* (1846-1895) en *Swanneblommen* (1850-1916), oant it literêre tydskrift *Forjit my net!* (1871-1915) en it wykblêd *Sljucht en Rjucht* ûnder redaksje fan Waling Dykstra en de *Fryske Skuor-almenak*, ek ûnder redaksje fan Dykstra. Dêrneist publisearre Bakker ferssen yn de kranten fan Japik Hepkema (*Nieuw Advertentieblad*, *Nieuwsblad van Friesland*, *Leeuwarder Nieuwsblad*) en it sosjalistyske wykblêd *De Klok* fan Geart van der Zwaag.<sup>9</sup>

De minsken mochten him blykber graach lêze. Fan syn ferstjerren waard berjocht dien yn in lanlike krante as it *Algemeen Handelsblad*.<sup>10</sup> Syn lettere ûnsichtberheid komt dus net troch in algemiene blinens fan syn tiidgenoaten foar de man syn fertsjinsten. It liket earder it risseltaat fan in doelbewuste Jongfryske suveringsoperaasje as part fan in werformulearring fan de kanon. Kanons binne nijsgjirrich om wat se útslute: krekt dêroan is ôf te lêzen wat it proses fan kanonfoarming driuwt. Kanons hawwe dêrneist in skiednis: kanonfoarming is in histoarysk-maatskiplik proses, dêr't foarkarren en tawizing fan wearde yn formulearre wurde, dat reagearret op de oerlevere kanon dy't net mear foldocht. Kanonfoarming hat sadwaande net inkeld literêre mar ek politike, religieuze, ekonomyske en sosjologyske 'oanjeiers'. It is gjin weardefrij proses, it is in útdrukking fan in 'striid om de smaak', om noarmen en wearden, de kulturele hearskippij.<sup>11</sup> Yn dizze lêzing sil bliken dwaan dat yn de Fryske literatuer in iensidige, inkeld op estetyk en Frysk nasjonalisme rjochte kanonfoarming plakfûn hat mei en nei '15'. Dat besykje ik sjen te litten oan de hân fan in skets fan it libben en it dichterlik oeuvre fan Marten Hepkes Bakker.

- 9 Foar J. Hepkema as kranteman en sjoernalist, sjoch Pier Abe Santema, 'Jacob Hepkema en de introductie van de moderne journalistiek in Friesland', *Tijdschrift voor Mediageschiedenis* 8-1 (2005) s. 86-96. It wykblêd *De Klok* wie ynearsten ferbûn oan de Friesche Volkspartij yn Skoatterlân en Wolvegea en bestie fan 1888-1913. Sjoch J. Frieswijk, 'Zwaag, Geert Lourens van der', yn: P.J. Meertens et.al., red., *Biografisch Woordenboek van het Socialisme en de Arbeidersbeweging in Nederland 1* (IISG, Amsterdam 1986), s. 165-167.
- 10 Yn *Algemeen Handelsblad* (28 jannewaris 1927) wurdt syn ferstjerren meld: 'Te Huizum is, bijna 80 jaar oud, overleden de Friesche volksschrijver en dichter Marten Hepkes Bakker.'
- 11 In koart oersjoch fan publikaasjes oer kanonfoarming jout G.J. van Bork et.al., *Algemeen Letterkundig Lexicon* (2012-). Digitaal bestand; DBNL-TEI 1; lemma's canon-1 en canon-2. Webadres [http://www.dbnl.org/tekst/delao12algeo1\\_01/colofon.php](http://www.dbnl.org/tekst/delao12algeo1_01/colofon.php); krigen 10-2-2017.

Earst sil ik yngean op Bakker syn biografy, dêrnei op syn gedichten. Syn libben moat rekonstruearre wurde út in pear alinea's yn *Sljucht en Rjucht*,<sup>12</sup> trije krantestikjes,<sup>13</sup> út syn publikaasjes sels, mar foaral út wat de krante-, befolkings- en notariaatsargiven ús ferklappe wolle.<sup>14</sup> Oer syn poëzij is suver ek neat skreaun. Ta beslút sil ik pleitsje foar refleksje op sosjaal engaazjemint en maatskippijkrityk as literêre kategoryen, neist estetika, filosofy en taalbehanneling.

2

Bakker wurdt berne yn it jier fan de boargerlike revolúsje fan 1848, as âldste soan fan in net ûnbemiddele, liberaal-protestantske bakkers- en timmermanshúshâlding yn Langwar. De Bakkers binne besibbe oan de Hepkema's, in rike boerefamylje út Diken deunby Langwar en út Dunegea, dêr't Hjerre Gerrits van der Veen ûnderwizer west hat.<sup>15</sup> Marten syn beppe fan heitekant, Hylkje Hepkema, is in suster fan de pake fan de letter ferneamde kranteman Japik Hepkema. Liberale boeren as de Hepkema's en de Haagsma's helje yn 1846 de frijsinnige dûmny Albertus Bokma de Boer (1816-1904) nei Langwar. Dat is de lettere heit fan Nynke van Hichtum en skoanheit fan Piter Jelles Troelstra, dy sil dêr oant 1856 oan de tsjerke stean.

As syn heit ferstjert, is Marten 29 jier en – wierskynlik – kastlein en bakker yn Nijegea-Skarsterbrêge, dêr't er mei syn frou Tryntsje Hayes Sipma wennet yn in hierd loazjemint anneks bakkerij, anneks winkel. Hy moat derút, om't de eigner op 'e fles gien is, mar mooglik ek om't er

- .....
- 12 *Sljucht en Rjucht* brocht in koart stikje oer Bakker by gelegenheid fan syn tritichjierich houlik: 'M.H. Bakker 1873-1923', yn: *Sljucht en Rjucht* 50 (22 desimber 1923) s. 2.
- 13 [J.J. Hof], 'Marten Hepkes Bakker', *Leeuwarder Nieuwsblad* (26 jannewaris 1927); W.A. van der Meulen, 'M.H. Bakker herdacht als Friesch dichter en schrijver', *Nieuwsblad voor Friesland* (14 en 21 oktober 1927); S.J. van der Molen, 'Marten Hepkes Bakker: in warber folksdichter út Huzum', *Leeuwarder Courant* (29 juny 1984). Mei lettere koreksje: 'Yn 'e hobbel', *Leeuwarder Courant* (6 july 1984).
- 14 Socht is mei stekwurden foar wat kranten oanbelanget op [www.delpher.nl](http://www.delpher.nl) yn *Leeuwarder Courant*, *Nieuwsblad voor Friesland* en *Leeuwarder Nieuwsblad*; yn de digitalisearre gegevens fan boargerlike stân, befolkingsregister, notarieel argyf en kadaster op [www.allefriezen.nl](http://www.allefriezen.nl).
- 15 Hjerre Gerrits van der Veen stie yn Dunegea oan skoalle fan 1842-1847. A. Wadman, *In skoalmaster yn de Dokkumerwâlden. Libbensgong fan Hjerre Gerrits van der Veen*. Dissertaasje, Ryksuniversiteit Grins (Drachten, Laverman 1955) s. 40.

sels te graach in slokje mei.<sup>16</sup> Yn it fers ‘Op myn jierdei’ (1878)<sup>17</sup> ûnthjit er yn alle gefallen betterskip en stride te sillen tsjin syn ferkearde ‘gewoanten’. Mar út de neilittenskip fan heit keapet er wol op 12 febrewaris 1878 foar 4000 gûne It Skippershûs yn Akkrum, in kofjehûs (tapperij) anneks loazjemint by de Smellebrêge oer de Boarn.<sup>18</sup> Opmurken kin hjir wurde, dat 1878 letter bekend wurden is as it earste jier fan de Grutte Agraryske Krisis. Noch gjin jier letter, op 10 jannewaris 1879, biedt er yn in advertinsje yn de *Leeuwarder Courant* it kofjehûs alwer te keap oan: ‘Een best beklant schippershuis’.<sup>19</sup> Yn maart 1880 wurdt it ferkocht foar 3100 gûne, dus mei in ferlies foar Bakker fan 900 gûne, yn dy tiid in aardich kaptaal. Yn 1880 is er werom yn Langwar, as ‘winkelier, dêr’t in jier letter syn earste soan Hepke berne wurdt. It fers ‘Baas bakker en dominy’ (1880)<sup>20</sup> betsjut mooglik, dat er it net goed fine kin mei de opfolger fan Bokma de Boer as dûmny; dizze Jacobus Engelsma Mebius (1818-1886) sil op syn bar wat huverich west hawwe foar it ferskynsel fan klearus-krityske skriuwers. Mebius syn heit Wybe Mebius, ek in dûmny, hie yn 1840 it mikpunt west fan it beruchte skotskrift fan de Biltske ûnderwizer Wopke de Jong, *De dominys hifke, mar follen to ligt achte*.<sup>21</sup>

Dêrnei begjint foar Bakker sa te sjen in dreech bestean, yn it Gaasterlânske Harich, yn Eastermar (dêr’t soan Haije op ‘e wrâld komt), yn De Hommerts.<sup>22</sup> It is yn dy minne jierren, dat freonen as Japik Hepkema en dy syn jongere broer Watze Hepkema, troch Bakker yn in gedicht yn ‘e

- 16 *Leeuwarder Courant* (20 febrewaris 1877), advertinsje. Notaris J. Zijlstra te Langwar sil ferkeapje ‘herberg, bakkerij, tuin en woonkamers te Scharsterbrug onder Nijega (Doniawerstal), ten huize bewoond door M.H. Bakker aldaar (...)’ Wat Bakker syn berop krekt wie, wurdt net sein. It te feilen hûs is ynrochte as ‘herberg, winkel in kruidenierswaren en bakkerij. Aanvaarding mei 1878.’
- 17 Bakker, *fûgels*, s. 3.
- 18 De baas-ferver M. Bakker út Akkrum, fan wa’t yn datselde jier yn de *Leeuwarder Courant* praat is, is wierskynlik in oar. Advertinsje *Leeuwarder Courant*, 19 maaie 1878: ‘M. Bakker te Akkrum vraagt twee verwersknechten’, en 18 april 1879: ‘M. Bakker te Akkrum vraagt een verwersknecht uit het platteland, goed gedrag en een goede werker; werk tot aan December.’ Mar Marten Hepkes Bakker sette syn herberch yn Akkrum al earder te keap, sjoch de folgjende noat.
- 19 *Leeuwarder Courant* (10 jannewaris 1879).
- 20 *Swanneblommen* (1880) s. 4.
- 21 W. de Jong Jzn., *De dominys hifke, mar follen to ligt achte* (K.J. Posthumus, Sint Annarochie 1840). Fierder: P.J. Blok en P.C. Molhuysen, red., *Nieuw Nederlands biografisch woordenboek*. Dl. 9 (A.W. Sijthoff, Leiden 1933); lemma ‘Wopke de Jong Jacobsz.’ Digitaal; DBNL-TEI 1. Webadres: [http://www.dbnl.org/tekst/molhoo3nieuo9\\_01/molhoo3nieuo9\\_01\\_c819.php](http://www.dbnl.org/tekst/molhoo3nieuo9_01/molhoo3nieuo9_01_c819.php). Krigen 10 febrewaris 2017.
- 22 *Leeuwarder Courant* (23 maaie 1885).

krante ‘myn bêste freon’ neamd, him de helpende hân tastekke.<sup>23</sup> Hy giet no ek, mei foar de fertsjinst, de boer op mei sterk maatskippijkritysk winterjûnenocht, de annalen melde optredens yn Langwar, Tsjerkgaast, Dunegea en Jiskenhuzen.<sup>24</sup>

As syn mem Geertje Martens Hettinga (1820-1886) komt te ferstjerren, komt der wer wat jild los troch ferkeap fan huzen en hiem. It is it jier fan de Doleânsje en fan in protte opskuor op de doarpen oer it leauwe. Yn it fers ‘De bekearing fan Hoartse Skiep, of: Giet it sa?’<sup>25</sup> skriuwt er, yn De Hommerts, synysk oer de motiven fan guon hânwurkslju om har oan te sluten by de nije fromheidsbeweging. As it oare jier yn Langwar dûmny Engelsma Mebius komt te ferstjerren en opfolge wurdt troch dûmny Freerk Kampstra, wierskynlik mei otterdokse sympatyen, komt it wer ta in konflikt dêr’t Bakker by belutsen is.<sup>26</sup> Hy wennet dan noch yn De Hommerts, mar wurdt troch de tsjerkeried fan Langwar beneamd ta diaken. Kampstra tsjinnet in beswierskrift yn by de tsjerkeried en ek by it Klassikaal Bestjoer, op grûn fan syn oardiel dat Bakker ‘geen vriend is van de openbare godsdienst’.

It sil nochal in kwestje west hawwe: twa wike letter lûkt de dûmny syn beswierskrift wer yn en noch deselde moanne nimt er ûntslach en giet er fuort nei Dimter. Yn 1888 is der wer striid yn Langwar, en ek yn de gemeenteried fan Doniawerstal, diskear oer it plak fan de merke. Yn in fersoenjend gedicht yn de krante fan syn freon Japik Hepkema seit Bakker dat er de merke hâlde wol sa’t er is, mar dan moat it fermeits wol wat

- 23 W.A. van der Meulen, ‘M.H. Bakker herdacht als Friesch dichter en schrijver’, *Nieuwsblad voor Friesland* (14 oktober 1927), memorearret de stipe dy’t Bakker krigen hat fan Japik Hepkema en Waling Dykstra. ‘Zelfs bevroeden we, dat hij wel eens méér, dat hij wel eens het hart zijner lezers heeft bereikt, wanneer hij het had over leed en zorg, welke dat hart kunnen binnensluipen en ook den schrijver zelf niet zijn bespaard. Dan hing, in donkere dagen, zijn speeltuig wel eens tijdelijk aan de wilgen.’ It gedicht foar Watze Hepkema: M.H. Bakker, ‘Ut erkentlikheid’, *Nieuwsblad voor Friesland* (27 april 1907).
- 24 G.A. Wumkes, *Stads- en dorpskroniek van Friesland*. Dl. 2 (1800-1900) (Eisma, Leeuwarden 1934) s. 459: 26 septimber 1881: ‘M.H. Bakker te Langweer biedt zich aan als spreker op Winterjounenocht’; 2 novimber 1881: ‘Fr. Winterjounenocht fen M.H. Bakker by K. Mink to Langwar’; s. 462: 16 jannewaris 1882: ‘Fryske foardrachten fen M.H. Bakker to Tsjerkgaest’; s. 496: 29-30 oktober 1885: ‘M.H. Bakker houdt Friesche voordrachten te Doniaga en Idskenhuzen’.
- 25 Bakker, *fûgels* s. 49-58.
- 26 Wumkes, *Stads- en dorpskroniek*, Dl. 2, s. 515: 30 desimber 1887: ‘Ds. Kamstra [Freerk Kampstra] te Langweer dient een bezwaarschrift in bij het Classic. Bestuur tegen de benoeming van M. Bakker als diaken, op grond, dat deze niet een bekend voorstander is van den openb. godsdienst.’ Sjoch ek *Provinciale Drentsche en Asser Courant*, 3 en 5 jannewaris 1888.

beskaafder.<sup>27</sup> Hy wennet dan yn Sint Nyk, dêr't er 'inlandsch kramer' is en dêr't dat jier syn tredde soan Melle berne wurdt.

Twa jier letter, yn 1889, fine wy him werom yn Eastersee oan de súdkant fan de Tsjûkemar.<sup>28</sup> No is er op 'e nij bakker yn in eigen saak. Yn dizze tiid skriuwt er út en troch bydragen yn it sosjalistyske wykblêd *De Klok*. Op 27 maaie 1893 ferkeapet er syn bakkerij, foar de somme fan 1680 gûne. Wy treffe him dêrnei oan yn Wyns, ynienen noardlik fan Ljouwert; yn de simmer fan 1896 ferhuzet er nammentlik út dat plak wei nei Ljouwert. Syn berop is dan arbeider yn in kartonfabryk (oan de Potmarge) en bôlesuteler. Hy wennet oan de Harlinger Trekweg, dêrnei yn de Oude Doelensteeg, en ferhuzet yn 1898 nei de Skrâns yn Huzum. Dêr komt yn april 1904 syn middelste soan Haije nei lang siik west te hawwen te ferstjerren. Yn de fersen 'Op it ein fan 't jier' út 1904 en 'Allinne' út 1905 skriuwt er syn fertriet fan him ôf.<sup>29</sup>

As Bakker yn 1910 dien krijt by it Leeuwarder Stoom-Kartonfabriek, dat it fallisemint yn giet, is er 62 jier. Fan Jan Jelles Hof witte wy, út syn in memoriam yn 'e krante, dat de wurkleaze dichter doe in jierjild tasein krigen hat troch in 'begoedige Fryske famylje', dy't him helpe woe 'út âlde freonskip en om't er al syn libben sa'n trouwe bodder west hie'.<sup>30</sup> Dat moatte de Hepkema's west hawwe. Yn syn lêste jierren wie Bakker konsjerzje en putsjesman fan it *Leeuwarder Nieuwsblad*, de Hepkema-krante dêr't Hof de haadredakteur fan wie.

Op 25 jannewaris 1927 is er te Huzum ferstoarn. Syn libbensrin lit him lêze as in sosjaal nei ûnderen gean. De Grutte Agraryske Krisis (en syn eigen 'wiffe hert', ûnrêstich aard en ferkearde oanwensten) sil dêr ta meiwurke hawwe. Wy sjogge dat de urbanisearring ek sa syn gefolgen hat, nammentlik de trochgeande trek fan it plattelân nei de stêd ein njoggentjinde, begjin tweintichste iuw. Dêrneist krijt men ek wat mei fan de botsing fan it links-liberale, frijsinnich protestantske mei it yn dy tiid selsbewuster wurdende ortodoks-protestantske folksdiel. En op it aljemint

27 ['De merke fan Langwar'], *Nieuw Advertentieblad* (25 july 1888).

28 'De bakker, die zich in Oosterzee gevestigd heeft, beveelt zich met een Fries vers in de gunst van de dorpsbevolking aan', *Nieuw Advertentieblad* (5 juny 1889).

29 *Sljucht en Rjucht* 8-48 (31 desimber 1904), s. 385-386; Bakker, *fûgels*, s. 14-15.

30 Neffens [J.J. Hof], 'Marten Hepkes Bakker', *Leeuwarder Nieuwsblad* (26 jannewaris 1927), hat Bakker fan 1909 ôf by it nijsblêd yn tsjinst west 'foar alderhande wurk dat sa gjin namme hat': hy die boadskippen en hold it gebou mei skjûn. 'Hy hoefde net to dwaen as er woe en koe; in bigoedige Fryske famylje woe him út âlde frjeonskip en om't er al syn libben sa'n trouwe bodder west hie, safolle wol talizze, dat er libje koe.' Bakker wie neffens Hof in skriuwer 'út in tiid do't de Fryske skriuwerij noch oan it folk ta wist to kommen, om't se fan it folk wier'.

komt dan ek de yndustrialisearring, dy't yn Ljouwert om 1900 hinne sa njonkelytsen in stedsproletariaat mei klassebewustwêzen foarme hie.

3

Bakker hat sawol poëzij as proaza skreaun; it proaza sil hjir bûten beskôging bliuwe. Syn gedichten hat er yn hânskrift sammele yn 24 blauwe skoalskriften dy't yn Tresoar yn te sjen binne; der is noait in bondel fan syn wurk ferskynd.<sup>31</sup> Wy witte rûchwei wat er publisearre hat yn de literêre tydskriften, mar in oersjoch fan krantepublikaasjes en publikaasjes yn *De Klok* ûntbrekt. Yn totaal giet it om sa'n twahûndert fersen, skreaun yn de perioade 1877-1925 (op in jierdeisfers út 1872 foar syn suster Grietje nei).<sup>32</sup>

It wurk wurdt al gau opmurken; trije fan syn earste, koarte fersen wurde troch Piter Jelles Troelstra en Onno Harmens Sytstra opnommen yn de blomlêzing *It jonge Fryslân* (1882).<sup>33</sup> It binne 'Myn spyltúch', 'Tinzen' en 'In himel yn 't hert': in Fryske weitsrop en twa ûnopfallende, lyrysk-religieuze ûntboezemingen. Persoanliker wurk as 'Op myn jierde' (1878), 'Treast fan in bidler' (1878), 'It siet der jong al yn' (1878), 'Hjerst' (1879) en 'By myn blommen' (1881), dat er doe ek al skreaun hie, is om ûnbekende redenen bûten de samling bleaun, mar is winliken represintativer foar syn dichtsjen.<sup>34</sup> It giet dan om respektivelik it deemoedich opbychtsjen fan misse setten, in oanklacht tsjin de earmoed, in sosjale skets fan wat ferslaving, alkoholisme, útrjochtet, en twa lyryske fersen oer hjerst en eigen stjerlikens.

It kin hast net oars of de fersen 'Hjerst' en 'By myn blommen' hawwe letter oandachtige lêzers fûn yn de ûntefreden ynterbellum-dichters Douwe Hermans Kiestra en Rintsje Piter Sybesma. Nim dit fragmint út 'Hjerst':

Grou en skier is meast it loftrom, net in fûgel sjongt in liet.  
 Bleek en wett'rich skynt de sinne as dy jûntiids ûnder giet.  
 As in moalsek stoot it wetter as de stoarm syn krêften toant;  
 sjoch ris! hoe't dy stoarm it heechste en it moaiste beamt' ûntkroant.  
 't Lân wurdt keal, it feeguod trapet net mear djip troch gers en krûd;  
 't langet nei de waarme stâl ta, harkje marris nei har lûd.

<sup>31</sup> Sjoch noat 8.

<sup>32</sup> Tresoar, HS102.

<sup>33</sup> P.J. Troelstra en O. Sytstra, red., *It jonge Fryslân. Sangen en rimen fen jonge Fryske skriuwers* (J. Hepkema, It Hearrenfean 1882) s. 37, 126, 129.

<sup>34</sup> 'Treast fan in bidler' (1878) yn: Bakker, *fûgels*, s. 5; 'It siet der jong al yn' (1878) yn *ibid.*, s. 33-37; 'Hjerst' (1879) yn *ibid.*, s. 6; 'By myn blommen' (1881) yn *ibid.*, s. 8.



Dat is in lûd dat dalik tinken docht oan it ferneamde fers mei deselde titel fan Kiestra út 1928.<sup>35</sup> De fûle stoarm, de bisten dy't ûnderdak ha wolle, mei oan de ein de omkearing, it lûd fan kuozen dy't raze om de greide yn. Mar ek de direkte, robúste sizzing is in oerienkomst. Bakker einiget mei in bea, letter in bekende foarm yn de poëzij fan Kiestra. It twadde, ienfâldige fers 'By myn blommen' lit him op syn bar ferlykje mei it sonnet 'De reiden' út Sybesma syn bondel *Ta de moarn* (1927).<sup>36</sup> Sybesma syn sonnet lêst suver as in earbetoan oan de earder dat jier ferstoarne Bakker. De blommen binne reiden wurden, mar beide wurde teheistere troch de hjerstwyn, de hollen fan de blommen en de plommen fan de reiden. Treffend is it gebrûk fan in oerienkomstich rymkema yn ien strofe en wurden as 'ringen' en 'mooglik' (by Sybesma 'mûlk') yn beide fersen. Sybesma syn wiif, Richt Hepkema, wie in dochter fan Bakker syn freon Watze Hepkema.

Yn de perioade 1877 oant sirka 1895, as er benammen yn kranten, *De Byekoer*, *Swanneblommen* en *De Klok* publisearret, giet it meast om sosjaal-krityske fersen, strofysk en rymjend, dy't yn de trant fan Waling Dykstra syn biedwurd 'wierheid en natoer' realistysk binne en mei bedoeld om foar te dragen foar publyk. It is sekundêr-orale literatuer, mei frijheden yn rym, ritme en taalgebrûk dy't har by de foardracht maklik kamûflearje litte.<sup>37</sup> It sterk ferheljende wurk is foar it meastepart opboud út folrymjende fjouerrigels, mei ynlieding, eksposse en ôfrûning en faak mei in ûntjouwing dy't tagiet nei in praktysk of moreel boadskip. It kiest dêrby, op in foar de Fryske literatuer frij radikale manier, dy't oan it wurk fan Hjerre Gerrits van der Veen tinken docht, partij foar de lytse man. It engazjearre toanielstik *Giet it sa?* fan Oebele Stellingwerf sil dêrby ek ta ynspiraasje tsjinne ha.<sup>38</sup> Yn 1892 warskôget Bakker sels foar de revolúsje, as de autoriteiten gjin haast meitsje wolle mei in 'bettere maatskippije'.<sup>39</sup>

De gedichten litte in soad ljocht falle op de skaadkanten fan de minske en it libben hjir op ierde; wat dat oanbelanget skaait it wurk út nei it naturalisme. Opfallend dêrby is it aksint op morele kwestjes likegoed as op humor. Mar as kontrapunt is der dalik ek al lyrysk en persoanlik-

35 D.H. Kiestra, 'Hjerst', *Frisia* 10 (4 april 1928).

36 R.P. Sybesma, *Ta de moarn* (J. Kamminga, Dokkum 1927).

37 Foar de skaaimerken fan sokke literatuer, sjoch W.J. Ong, *Orality and literacy. The technologizing of the word*. 30th Anniversary edition (Routledge, London-New York 2012; 1e pr. 1982).

38 O. Stellingwerf, *Giet it sa? Tanielstik yn fiif útkomsten* (Coöperatieve handelsdrukkerij, Ljouwert 1881).

39 Bakker, *fûgels*, s. 67-68.

bekennend wurk dat rjochte is op it uterjen fan it fielen fan in 'ik', earder as op it jaan fan in sinjaal foar it kollektyf. 'By myn blommen' is in betiid foarbyld, mar ek binne der it niis al sinjalearre grutte fers 'Hjerst' en it ienfâldige 'Oan myn sjongster' (1887).<sup>40</sup>

Nei in perioade fan stilte, ein njoggentiger jierren, nimt er syn spyltúch wer op yn 1901, no yn *Sljucht en Rjucht*. Syn dichterlike produksje sil dan duorje oant en mei 1925. De sosjaal-krityske toan bliuwt, mar dêr komt in oar soart engaazjemint by: in wjeraksel tsjin de moderne tiid. Hy is no in yndustryarbeider fan it plattelân, dy't partij kiest foar de warleaze natuer en hy moat neat hawwe fan de grutdoggerij fan protten minsken yn de jachtige stêd. Hy nimt it op foar de beammen oan de Huzumer leane, dy't op 'e nominaasje stean om delhelle te wurden, wol net hawwe dat nonflinters deaslein of sels miggen de wjokken útlutsen wurde, is tsjin it entreeheffen yn de Prinsetún, soe graach de Ljouwerter pipen en grêften behâlde wolle en is fol bewûndering foar de stikel as fjildplant. Mear as ien kear lit er mei in blik op de wrâld syn ôfgriis fan wapentúch en oarloch blike. Syn libbenshâlding is konservatyf wurden, mar tagelyk ek suver anargistysk en pasifistysk bleaun.

De lyryske ûnderstream hat boppedat oan krêft wûn, sa't ôf te lêzen is oan fersen as 'Fan 'e Fredeskonferinsje' (1907), 'Ferdwûne bylden' (1907), 'By stoarmwaar' (1909) en 'De gauwe tiid' (1913).<sup>41</sup> Letter, by it âlder wurden – en hy fielde him, sa't bliken docht út ien fan de fersen, op 30-jierige leeftyd al in âlde man!<sup>42</sup> – krijt pessimisme oer de moderne tiid de oerhân. Te begjinnen mei syn reaksje doe't de Europeeske oarloch útbrutsen wie en it Nederlânske leger militêre oefeningen hold:

't Moardzjen út 'e pin te learen,  
 en dat yn 'e tweintichste iuw?  
 Mei gepraat en mei geskriuw  
 hoecht men siker net te bearen  
 op foarútgong oeral yn:  
 slaan sok blazen yn 'e wyn.<sup>43</sup>

De ik-persoanen fan de fersen begjinne har te ergerjen oan it drokke ferkear, it foarbysûzjen en ratteljen fan motorfytzen en auto's, dy't jins

<sup>40</sup> Ibid., s. 9.

<sup>41</sup> *Sljucht en Rjucht* 11-31 (31 augustus 1907) s. 367; *Sljucht en Rjucht* 11-39 (26 oktober 1907), s. 460; *Sljucht en Rjucht* 13-33 (11 septimber 1909), s. 392-393; *Sljucht en Rjucht* 17 (17 maaie 1913), s. 202-203.

<sup>42</sup> Bakker, *fûgels*, s. 11. It fers, 'Doe't ik tritich jier trouw west hie', is út 1903.

<sup>43</sup> 'Tsjintwurdige beskaving', *Sljucht en Rjucht* 18-42 (7 novimber 1914), s. 495-496.



libben bedriigje, it wâld fan reklamebuorden dat oeral mar op peallen ferriist – ‘Klachten oer de nije tiid’ is grif ien fan de earste foarbylden fan moderne miljeukrityk yn de Fryske literatuer:

Reklamebuorden steane oeral te posearen,  
hûnderten peallen meitsje in mâle figuer.  
Deade wynmotoaren pronkje as keale mynhearen,  
libbene mûntsjes, och heden! ferdwine op 'e duer.<sup>44</sup>

Syn ideaal is no it ‘ienfâldige boerke’, in libben op it plattelân, in pleatske, wat kij, wat skiep en fierder gjin drokte.<sup>45</sup> In wrâld mei noarmen dy’t oan it plattelân keppele wurde: komme sa’t je binne, freonskip befêstigje, myld wêze foar de oar, rjocht troch see wêze, in hast hillich respekt foar de natuer.

4

Dy wrâld botste op de stêd en op de tweintichste ieu. Gjûn wûnder dat tusken Bakker en Douwe Kalma net folle leafde ferlern gien is; de wurden ‘Frysk’ en ‘Fryslân’ komme mar yn in hânfol gedichten fan him foar. Net ‘it Fryske folk’ wie syn earste soarch, dat wie it wol en wee fan de minsken, de gong fan harren sosjale libben.<sup>46</sup> Dat hie er ek op de dichtkeunst fan Kalma tsjin. Dy socht it fierstente heech, dat hoegde hiendal net, der wie ommers genôch poëzij by honk, skreau er yn 1916.<sup>47</sup> Yn in wat nitelich, suver giftich tsjindicht, ‘It sjongende Fryslân’ – ek de titel fan de Jongfryske karlêzing út 1917 – ferlike Kalma syn wize fan poëzijskriuwen mei it pikken fan in hin op in dongbult.<sup>48</sup>

44 ‘Klachten oer de nije tiid’, *Sljucht en Rjucht* 25-24 (25 juny 1921), s. 284-285.

45 ‘t Ienfâldige boerke’, *fûgels*, s. 104-105. (1924)

46 Sosjaal-psychologysk ûndersyk nei nasjonale identiteitsfoarming wiist út dat de dominânsje fan etnyske represintaasjes oer sivile represintaasjes liedt ta sterkere etnyske foaroadielen en dito nasjonalisme. Sjoch Joke Meeus, Bart Duriez, Norbert Vanbeselaere, Filip Boen, ‘The role of national identity representation in the relation between in-group identification and out-group derogation: ethnic versus civic representation’, *British Journal of Social Psychology* 49-2 (June 2010) 305-320.

47 ‘De nije dichtkeunst’, *Sljucht en Rjucht* 20-39 (14 oktober 1916), s. 462.

48 ‘It sjongende Fryslân’, *Sljucht en Rjucht* 20-42 (14 novimber 1916) s. 498-499. It fers is mei opdracht: ‘Yn golle frjeonskip opdroegen oan M.H.B.’ Dêrút de lêste strofe: ‘Alde man, wêz dos net brimstich! / Sjong sels ljeaver suver mei; / Harkje en neam it wird fornimstich, / Dat in dreamer sêft Jo sei: / „Better mei de ljurk yn ’t hege / Hwer de iiv’ge himel blauw’t, / As to lykjen hwet omlegen / Keak’ljend op ‘e dongbult klaut’” Bakker reagearre mei in brief: ‘Oan Kalma’, *Sljucht en Rjucht* 20-45 (25 novimber 1916), s. 536-538.



Neist Kalmiaanske represailles kinne de beskieden sosjale status en de polityk- en sosjaal-krityske hâlding fan Bakker meispile hawwe yn it literêre weiwurden fan 'M.H.B.'. Wumkes wie yn it begjin in bûnsmat fan Kalma; hy wist fan Bakker syn rol yn de religieus-tsjerklike konflikten yn De Hommerts en Langwar yn de perioade 1885-1888 en hat, opmerklik, net in serieuus wurd oan him smoarch makke yn al syn stúdzjes. Fan de sosjalistyske kant – Jelle Brouwer, Jaap Kalma – is der teminsten noch in snipper yn in ensyklopedy bewarre bleaun.<sup>49</sup>

De kanonfoarming fan '15' en fierder beropt him gauris op formalistyske en Frysk-ideologyske easken. Maatskippijkrityk yn de keunst, krityske refleksje op de sosjale sitewaasje, wurdt troch de Jongfriezen net wurdarre foar safier't it net om Jongfrysk-nasjonale ideology draait. Kultuernasjonalisme besiket de ferpyldering te oerbrêgjen troch in 'heger' doel te stellen, en dan is sokke skriuwerij as dy fan Bakker al gau net inkeld 'folksriem' (net 'dichterlik' genôch), mar dy is yn syn polarisearjend polityk-sosjale engaazjemint ek in stroffelstien op it paad nei 'mienskip' en Frysk-nasjonale gloarje tusken de Noardseefolken. Op dat taalnasjonalistyske stik hie Bakker net hiel folle te sizzen; hy koe wol mist wurde yn de ideeëdistribúsje.

Dy nasjonale taalpolitike bril moat ôf, in betingst foar goed lêze, dan blykt Bakker likegoed in persoanlik taalkeunstner. Syn poëzij leit op de oergong fan in kollektyf nei in persoanlik perspektyf yn de literatuer, in ûntjouwing dy't yn Nederlân mei de Tachtigers al ynsette en it te uzes doe wat al te foarsichtich prebearre hat mei *It jonge Fryslân*. De histoaryske spanning tusken kollektyf(kollektiven) en yndividu manifestearret him yn de Fryske literatuer op de oergong fan orale foardracht nei skriftlike utering, wat meibepalend is foar de eigenheid fan Bakker syn fertellende rymwurk. Ut in noch benammen orale fertellers- en foardragerskultuer<sup>50</sup> komme syn direkte, rûne, oansprekkende en konversasjonele taal,

49 J. Brouwer, J.J. Kalma, W. Kok, M. Wiegersma, red., *Encyclopedie van Friesland* (Elsevier, Amsterdam 1958).

50 Itselde sekundêr-oraal karakter hat ek in protte wurk fan Waling Dykstra en Tsjibbe Gearts van der Meulen, dy't sawol op boppesealen stiene foar te dragen as boeken en tydskriften folskreaunen, redigearren en útjoegen. Yn dy sin is Bakker te sjen as in lette, faaks wol de lêste, Fryske realist yn it ferlingde fan de 'Erzähler' fan Walter Benjamin: in garismatyske jouwer fan goeried yn persoanlike moetingen mei minsken. It is pas de yndustryparse dy't de anonime 'lêzer' mooglik makket, it yn himsels kearde yndividu dat de Ferteller net mear heart en stean sjocht. De oergong set yn Fryslân pas troch nei it brekken fan it deiblêdsegel (1869), yn de lêste trije desennia fan de 19e ieu.



formele tekstorganisaasje en sterke kadâns en 'flow'.<sup>51</sup> Fan alle tiden is syn soarch en leafde foar de natuer, dy't úteinlik de foarm krijt fan ferset tsjin modernisearring en de bedriigjende massaminske.

Marten Hepkes Bakker, fansels heart er by de Fryske literatuer. En grif yn hegere rang en stân as er sels miende, sa't Hofskreaun hat. Noch ien aardichheidsje. Elk ken Trinus Riemersma syn twarigel: 'Ik kin net oer gedónder / mar ik kin dur noch minder sónder'.<sup>52</sup> Dy komt út 1972. Ik hear der in wjerlûd yn fan rigels út 1885 fan Bakker, dy't yn it fers 'In wurdasje oer 't jild' dichte: 'Arbeidzjen is ús lot hjir onder / mar nocht en wille kin 't net sonder'.<sup>53</sup>



- 
- 51 Ong, *Orality*, s. 40-41: 'Oral cultures encourage fluency, fulsomeness, volubility. Rhetoricians were to call this *copia*. (..) Thomas Babington Macaulay (1800-59) is one of the many fulsome early Victorians whose pleonastic written compositions still read much as an exuberant, orally composed oration would sound, as do also, very often, the writings of Winston Churchill (1874-1965).'
- 52 'Fes 73', yn: Tr. Riemersma, *Roazen ferwylje* (Koperative Utjowerij, Bolswert 1972).
- 53 Bakker, *fûgels*, s. 45-48.

